

Taljochting taalprofilen en foarbyld groeimodel

Taalplan Frysk-2030 foar it primêr ûnderwiis

Foar it primêr ûnderwiis betsjut de Taalplan Frysk-2030 ambysje konkreet:

Alle skoallen (dy't ûnder de WPO falle en yn it Fryske taalgebiet fêstige binne) biede uterlik yn 2030 in folslein oanbod kearndoelen foar it Frysk op foldwaande nivo yn alle groepen oan.

De kearndoelen foar it Frysk¹

Mûnling taalûnderwiis

17. De learlingen ûntwikkelje in positive attitude oangeande it brûken fan it Frysk troch harrensels en oaren. [attitude]

18. De learlingen leare ynformaasje te heljen út sprutsen Frysk. It giet om teksten dy't ynformaasje jouwe, wille besoargje, mienings of oanwizings befetsje oer foar harren bekende ûnderwerpen. [harkje]

19. De learlingen leare harren nei ynhâld en foarm yn it Frysk út te drukken yn situaasjes út harren deistige libben, dêr't se ynformaasje yn freegje of jouwe oer in ûnderwerp dêr't sy fertroud mei binne. [prate]

Skriftlik taalûnderwiis

20. De learlingen leare ynformaasje te heljen út teksten yn it Frysk yn in soad foarkommende teksttypen (lykas artikels yn jongereinrubriken, ferskes, ferhalen). [lêze]

21. De learlingen leare ienfâldige teksten yn it Frysk te skriuwen oer alledeiske ûnderwerpen mei it doel mei oaren oer dy ûnderwerpen te kommunisearjen. [skriuwe]

Taalskôging, dêrûnder strategyen

22. De learlingen krije in wurdskat fan in soad brûkte Fryske wurden en strategyen foar it begripen fan foar harren ûnbekende wurden. [taalskôging]

De taalprofilen

Profyl A:

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl B:

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 22 [taalskôging]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoel 21 [skriuwe]

Profyl C

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 22 [taalskôging]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 20 [lêze], 21 [skriuwe]

Profyl D

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 20 [lêze]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 19 [prate], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl E

- foldwaande oanbod fan kearndoelen 17 [attitude], 18 [harkje]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan kearndoelen 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl F

¹ Lykas foar alle leargebieten wurde ek de kearndoelen foar it Frysk op 'en nij besjoen. It duorret sa wurdt ferwachte inkelde jierren foardat dat klear is en de fernijde kearndoelen yn it kurrikulum ymplementearre wurde. Dan sille de profilen ek oanpast wurde. De foarderings kinne jo op www.kurrikulum.fr! folgje.

- foldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude]
- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]

Profyl G

- gjin of ûnfoldwaande oanbod fan keardoelen 17 [attitude], 18 [harkje], 19 [prate], 20 [lêze], 21 [skriuwe], 22 [taalskôging]
- Dit profyl kin allinne oan skoallen bûten it Fryske taalgebiet takend wurde (yn de gemeente Weststellingwerf of op de Waadeilannen).

Groeimodel

It stribjen is dat skoallen nei elke fêststellingsyklus op syn minst ien taalprofyl omheech gien binne.

Trochgroeï yn profilen

- Skoalle mei profyl A by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - *Fantastysk!* Dy skoalle hat al in foldwaande oanbod. Fansels kin it ferbrede, ferdjippe of oantrekliker makke wurde. Ek dêrfoar kin gebrûk makke wurde fan stipe troch de begeliedende ynstânsjes.
- Skoalle mei profyl B by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - *Al goed op wei!* De skoalle makket in plan om yn de perioade 2020-2024 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan it keardoel skriuwe.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2024-2025 is it oanbod yn alle keardoelen fan foldwaande nivo en kin profyl A takend wurde.
- Skoalle mei profyl C of D by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - *Wurk oan 'e winkel!* De skoalle makket in plan om yn de perioade 2020-2024 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan de keardoelen lêze en taalskôging (en prate yn gefal fan profyl D). Fansels kin ek it skriuwen (rjochting profyl A) alfêst meinommen wurde.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2024-2025 is it oanbod yn de keardoelen attitude, harkje, prate, lêze en taalskôging fan foldwaande nivo en kin profyl B takend wurde.
 - De skoalle makket in plan om yn de perioade 2025-2028 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan it keardoel skriuwe.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2028-29 is it oanbod yn alle keardoelen fan foldwaande nivo en kin profyl A takend wurde.
- Skoalle mei profyl E of F by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021
 - *Stapke foar stapke slagget it wol!* De skoalle makket in plan om yn de perioade 2020-2024 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan de keardoelen prate, lêze en taalskôging (en harkje, yn gefal fan profyl F). Fansels kin ek it lêzen (rjochting profyl B) en it skriuwen (rjochting profyl A) al meinommen wurde.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2024-2025 is it oanbod yn de keardoelen attitude, harkje, prate, lêze en taalskôging fan foldwaande nivo en kin profyl C takend wurde.
 - De skoalle makket in plan om yn de perioade 2025-2028 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan de keardoelen prate en lêze.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2028-2029 is it oanbod yn keardoelen attitude, harkje, prate, lêze en taalskôging fan foldwaande nivo en kin profyl B takend wurde.
 - De skoalle makket in plan om yn de perioade 2029-2030 te wurkjen oan it foldwaande oanbieden fan it keardoel skriuwe.
 - By de fêststelling yn it skoaljier 2030 is it oanbod yn alle keardoelen fan foldwaande nivo en kin profyl A takend wurde.
- Skoalle mei profyl G by fêststelling yn it skoaljier 2020-2021

- Mei dy skoallen wurde aparte ôfspraken makke oer it omtinken dat de skoalle oan de Fryske taal en kultuer (en mooglik de yn it gebiet oanwêzige streektaal- en kultuer) jout.

Foarbyld

Nei it ynfoljen fan de online fragelist en de besite fan de ûndersiker fan de NHL Stenden Hogeschool docht bliken dat de skoalle op profyl C útkomt. Dat betsjut dat de oanbelangjende skoalle gjin of in ûnfoldwaande aanbod hat yn de keardoelen dy't op it lêzen en skriuwen yn it Frysk rjochte binne. De skoalle stelt, advisearjend holpen troch de ûndersiker fan de NHL Stenden Hogeschool, in plan op om yn de kommende fjouwer jier it keardoel lêze oan te bieden. Ferwachte wurdt dat dat ekstra stikje aanbod yn fjouwer jier foldwaande realisearre wurdt, mooglik mei stipe fan begeliedende ynstânsjes, wêrtroch't de skoalle by de kommende fêststelling nei de simmerfakânsje fan 2024 in profyl B takend krije kin. Fansels kin de skoalle ek daliks nei in profyl A tawurkje, troch neist it aanbod yn it lêzen ek it aanbod yn it skriuwen op oarder te bringen.

By in fêststeld profyl B yn 2024 wurdt it plan troch de skoalle fierder ûntwikkele en rjochtet it him no op it foldwaande oanbieden fan it keardoel skriuwe. Ferwachte wurdt dat dat ekstra stikje aanbod yn fjouwer jier foldwaande realisearre wurdt, mooglik mei stipe troch begeliedende ynstânsjes, wêrtroch't de skoalle by de kommende fêststelling nei de simmerfakânsje fan 2028 in profyl A takend krije kin.